[0479] MEINDERT ROZENGA SYN DEA

Koartlyn hat J.J. Kalma yn *Ts*. v. *sociale gesch. I* (1975) s. 257-259 yn in bydrage titele *Meindert Rozenga* de figuer fan dizze soasjael fielende foardrager fannijs nei foaren helle. Hwat hjir folget wol net it swiertepunt yn syn image forlizze nei syn oan drankslijens to witen libbensein, mar útjower Van der Velde syn brief oan Rozenga syn freon Wielsma is skreaun doe't de tragyske dea yn it Koarnjumer Aldlân hjit nijs wie en dus fan bilang:

L 2i/11 '0i

Waarde Vrienden:
Gister morgen kwam bij mij in den winkel een Omke van Rozenga te vragen is R. hier ook geweest? Neen: was 't antw. Wel verleden week geweest Nu, zegt de man, dan komt hy ook niet meer hier hij is overleden:! Stel je voor!

R. is Maandagavond hier in de stad geweest met het doel om de drukproeven van een Holl. boekje met voordr. dat wij zouden uitg, terug te bezorgen. Hij schijnt toen by Bergman aangeland te zijn is met den trein van p.m. half negen weer vertrokken zonder bij mij geweest te zijn.

Is toen in Cornjum uitgestapt, daar de verkeerde weg opgeloopen, ('n landweg) eindelijk in een stuk land terecht gekomen, dat geheele stuk rond geloopen, Maandag avond p.m. 10 uur dus in de nacht, toen zeker verlegen geweest, door de sloot geloopen, weer bij de wal opgeklommen, en vijf pas van de wal aan de overkant in dat stuk land neergevallen en daar omgekomen. Men vond hem des anderen morgens dood in 't land leggen in 't Cornjumer Oudland =

Zooals ik zei kwam een Omke my dat gistermorgen meedeelen en toen ik hem vroeg of hij ook papieren (drukproeven) bij zich had, deelde de Rykspolitie, die bij hem was, en 't zaakje met de bewoners in de omstreken daar had opgeknapt, mij mede, dat hij schriften en 'n drukproef, met een briefk[e] van mij, in een pakj[e] bij zich had. Wij gistermorgen half 12 trein daar heen, en ja wel man, daar lei Omkool, dood, in 't doodenhuisje te Cornjum, vreeselijk hé? Wat een einde, 't Is armoede met hem en de oorzaak van deze ellende ons allen wel bekend. 't Spijt mij toch erg dat ik hem daar zoo moest zien leggen. Alleen 'n fam.lid uit Hallum zou hem daar nog laten begraven zei hij mij, want R. heeft zelf niet zoo veel dat het daarvan zou kunnen gebeuren.

Inderhaast schryf ik U dit een en ander. Omdat er zooveel verschillende verhalen in omloop zijn,

Hartel. groeten van huis tot huis ook van mijn vrouw

tt R. van der Velde

Hwer't Van der Velde hwat al to lapidarysk skreau, ha wy de tekst tusken kante heakken oanfolle. Hwer't it giet oer de *schriften en 'n drukproef* foege de skr. sawol foar it wurd *drukproef* as foar *schriften* it lidwurd *'n* yn; om't ik oannommen haw dat dat foar it lêstneamde wurd in forsin wie, haw ik it weilitten, as it soe wêze moatte dat ek it meartal *schriften* ta in iental *schrift* tobekbrocht wurde moatten hie. De dea fan Rozenga is yn de offisjele papieren set op 'e dei dat er foun is, tiisdei 19 nov., mar it kin yn realiteit dus hiel skoan moandei 18 nov. 1901 west ha. Hawar, dat soarte problemen dogge har nou ienris foar by ûngelokken, tink mar oan de dea fan Dag Hammarskjöld. Sa bjusterbaerlike wichtich is 't ek net.

Fansels haw ik Rozenga syn Grouster maet Simke Molenaar mear as ienkear op 'e tekst heard oer it tinne guod dêr't de soldaten sa fan flokke en dat Rozenga nei gychem holpen hat. Oft Molenaar lykas sa folle ûnthâlders fan de âlde stimpel foech tachtich jier lyn wol fierder seach en sjen koe as de taestbere oarsaek en it sichtbere gefolch? Dat kin men har ek slim forwite. En Molenaar moást ûnder dy omstannichheden ek wol ophâlde mei Rozenga.

De hjir bikendmakke brief haw ik jierren lyn krigen fan de dochter fan Wielsma en sil ik deponearje op it FLMD. Bihalven om de ynhâld as sadanich is er ek nijsgjirrich fanwegen it (sted-)Fryske substraet dat hjir en dêr troch it Hollânsk hinnekipet. Stimpele is er op 21 nov. 1901, sawol to Ljouwert as - sa't doe noch wenst wie - yn it plak fan bistimming, Grou.

Súdhoarm *Teake Hoekema*